

De ynfloed fan

in riedslid.....

Der wurdt my gauris de fraach stelt oft in riedslid wol wat yn te bringen hat, oftewol: jimme fergaderje en fergaderje, mar wat smyt it op! Fansels bin ik net altyd fleurich oer it risseltaat fan in riedsbeslút of de útkomst fan in oerlis, sterker noch, somtiden ha je de smoar yn!

En toch minsken, it is moai en faaks ek tankber wurk, foaral as jo wat foar minsken betsjutte kin. Wat soks wêze kin? Minsken helpe om in iepening te finen yn it "bosk" fan rigels en wetten, foaral yn dizze "digitale wereld". Minsken of ferienings rjochtstreeks yn kontakt te bringen mei amtners of in wethâlder is in oare manier om te helpen, faaks kin lytse stapkes foar minsken grutte gefolgen ha! As in riedslid ynfloed ha wol op it belied fan in gemeente dan is ien ding wis: gearwurkje! Jo kin tinke dat jo in gouden idee ha en dat it de mienskip of in feriening bygelyks batsen jild oplevert, allinnich rêde jo it net. Alle besluten wurde by mearderheid naam, dus om wat foarinoar te krijen moatte jo, om ta in mearderheid te kommen, mei in oare partij om tafel: "Polderje" sa't se dan sizze.

Soms kin der ek in spanningsfjild ûntstean as minsken, ferienings of bedriuwen grutte belangen ha by bepaalde besluten, foaral as der financiële belangen yn't spul bin dy't ek maatskiplike gefolgen hawwe. Soms kin it sa wêze dat de útkomst fan in riedsbeslút negatyf is foar guon minsken, ferienings, of bedriuwen! Net elkenien wol dan mear "vriend" mei jo wêze.....!



Nei krapoan 8 jier riedswurk kin ik sizze dat it prachtich "wurk" is, en it wurdt ek noch goed betelle!! Dus minsken, sjoch in kear "yn'e keuken", by welke politike partij dan ek, dan kin jimme mei eigen eagen sjen wat der mei jo stim dien wurdt!

Wat jimme net fan my ferwachtsje: as Broekster Boys én Feyenoord ferlieze, dan ha ik in dreech wykein!

Groetnis Sietse Hilverda
Damwâld
CDA-riedslid



Dit is een politieke reclameboodschap in het kader van de gemeenteraadsverkiezingen. Meer informatie op politiekereclame.nl